

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	21	€ 436.937
 KEUNST EN KULTUER	42	€ 291.249
 LEEFBERENS	75	€ 1.049.665
 MIENSKIP EN BEDRIUW	12	€ 204.453
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	30	€ 359.074
 SPORT	19	€ 403.097
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	25	€ 738.548
 SOARCH EN WOLWÊZEN	9	€ 125.857
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	40	€ 20.000

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE NOARDEAST-FRYSLÂN

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Noardeast-Fryslân. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsidzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikere en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Noardeast Fryslân wat fêstige is yn Burgum. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.


273

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 3.628.880 troch de provinsje Fryslân ynstearre yn projekten binnen gemeente Noardeast-Fryslân. Dat is € 79,00 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 3.628.880



Multiplier 4,45

ÚTLICHT:

Ferduorsuming sportferienings Kollum

De Kollumer Tennis Club bestie yn 2021 100 jier en om de kommende iuw goed te begjinnen hat de Tennis Club yn 'e mande mei de fuotbalferiening Kollum en kuorballeferiening Invicta de fasiliteiten ferduorsume. Sa hawwe alle trije ferienings harren ferljochting ferfongen troch led-ferljochting. De tennisclub hat sinnepanielen oanskafte en it dak en de kantine binne isolearre. Ek hat de kuorballeferiening syn ferâldere apparatuer yn de kantine troch nije suniger apparaten ferfongen. Dêrtroch binne de ferienings tagonklik bleaun en takomstbestindiger wurden!




Projektaart gemeente Noardeast-Fryslân

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Noardeast-Fryslân.

TALJOCHTING:



OANTAL PROJEKTEN: 273

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 16.151.811

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 3.628.880

NIJSGJIRICH NEI DE PROJEKTEN?

